



**PROTESTANTSE GEMEENTE KOLLUMERZWAAG**

**SNEIN 9 MAAIE 2021**

**M.M.F. RUURD WALINGA EN  
AUKE DE BOER (FLEUGEL) EN SIEBREGTA  
HOEKSTRA (ALT SAKSOFOAN)**

## **WOLKOM**

### **SJONGE YNTOCHTSLIED: PSALM 118 (Nije Lieteboek): 1 en 9**

1. Sjong no in feestliet foar de Heare:  
syn goedens is de ein fan wei!  
Lit Israel de lofsang leare:  
syn goedens is de ein fan wei!  
Lit prysterkoaren allegearre:  
syn goedens is de ein fan wei!  
Jim dy't God freezje lit it hearre:  
syn goedens is de ein fan wei!

9. Dit is de dei fan alle dagen,  
de Heare makke\_ús wûnd're bliid.  
Och tink om ús yn wolbehagen,  
och jou ús rêst nei stoarm en striid.  
Us wolkom moat de kening groetsje  
dy't komt yn namme fan de Hear,  
no't wy jim yn 'e timpel moetsje,  
de wenning fan syn heil en ear.

## **STIL GEBED, FOTUM EN GROET**

### **LYTS GLORIA**

Eare oan de Heit en de Soan  
en de Hillige Geast.  
Lykas yn it oanbegjin,  
hjoed en jimmer,  
en van ivichheid oant ivichheid.  
Amen

### **SJONGE LIET 910 (Nije Lieteboek): 1, 2 en 3**

1. Bytiden as wy sjonge  
wurdt alles ljocht en klear,  
dêr't earder dizzen hongen,  
fernimme wy de Hear.  
Binn' wy it paad soms bjuster,  
Hy makket alles goed,  
dy't ús nei kjeld en tsjuster  
in mylde maitiid stjoert.

2. Yn tankberens betinke  
wy't heimnis fan ús Hear,  
Hy woe syn heil ús skinke,  
ús libben nimt in kear.  
Us soargen binn' fergetten,  
wy groetsje bliid de dei,  
de moarn si ús neat lette,  
wat hy ek bringe mei.

3. Hy dy't mei pracht de blommen  
beklaaide, soe Hy net  
mei klean fanwegenkomme?  
Hy wit fan ús ferlet.  
Gjin skepsel wurdt fergetten,  
Hy hâldt it al yn stân.  
De fûgels fine fretten,  
wy ite út syn hân.

#### **GEBED OM 'E HILLIGE GEAST**

#### **SJONGE LIET 737 (Nije Lieteboek, Liet 265 Lieteboek foar de Tsjerken): 1-5, 13 en 21**

1. Jeruzalem, myn Heite stêd,  
myn memmehûs, wannear  
sil ik dy sjen sa asto bist,  
de breid fan Him, ús Hear?

2. Dêr is gjin pine, gjin fertriet,  
gjin oergeunst en gjin haat;  
en eangst en earmoed komme net  
dêr't alles wille waard.

3. Dêr is gjin dei, dêr is gjin nacht,  
gjin dize\_en tsjusternis,  
mar út 'e troane skynt it ljocht  
dêr't de Messias is.

4. En sykte is dêr wis net mear,  
gjin ûngemak, gjin dea;  
dêr is gjin kwea en gjin âldsear  
en gjin tekoart oan brea.

5. Mei God my jaan, Jeruzalem,  
Dat, op in goede dei,  
ik pylger oan dyn poarten bin  
en dat ik yngean mei.

13. En ingels sitte neistinoar,  
as fûgels yn 'e beam;  
sy sjonge en sy spylje mar,  
it is as yn in dream.

21. Jeruzalem, myn Heite hûs,  
myn memmestêd, wannear  
sil ik dy sjen? Wy binne\_op reis  
nei dy en nei de Hear.

**LÊZE PSALM 16: 7-11**

7 Sa priizje ik de Heare, dy't my ried joech,  
ja, by nacht warskôget myn binnenste my.

8 Ik hâld de Heare aloan foar eagen;  
Hy is ommers oan myn rjochterhân,  
ik sil net wifkje.

9 Dêrom hat myn hert wille  
en myn binnenste jubelet;  
ek myn lichem sil feilich wenje.

10 Want Jo litte myn libben net oan it deaderyk oer,  
Jo litte jo fertrouwing de ûngrûn net sjen.

11 Jo leare my it libbenspaad;  
in oerfloed fan freugde is deun by Jo,  
leaflikens yn jo rjochterhân,  
foar altyd.

**SJONGE LIET 718 (Nije Lieteboek): 1, 2**

1. God, dy't de\_ierde  
't libben biede,  
frucht fan greide\_en gea  
en fan ripe bouwen -  
tank wat Jo jouwe  
tank foar 't deistich brea.

2. By ús folle  
skuorre\_en golle  
leare Jo ús dit:  
wol de earmen fiede,  
dat op hiel myn ierde  
nimmen honger lit.

### **LÊZE: JOHANNES 17: 11-13**

11. Ik bin aanst net mear yn 'e wrâld, mar hja binne al yn 'e wrâld, wylst Ik nei Jo ta gean. Hillige Heit, bewarje har yn jo namme, dy't Jo My jûn hawwe, dat se ien wêze meie lykas Wy. 12. Salang't Ik by harren wie, haw Ik harren yn jo namme bewarre, dy't Jo My jûn hawwe; Ik haw op har past en der is net ien oars fan harren ferlern gien as dy't ferlern gean soe. Sa moast it Skriftwurd neikomme. 13. No gean Ik nei Jo ta; Ik sis dat noch yn 'e wrâld, dat Ik harren troch alles hinne bliid meitsje mei.

### **SJONGE LIET 880 (Nije Lieteboek): 1, 2, 3 en 4**

1. Wat is 't libben op ierde in freugde foar jimmer,  
de bosk en de greiden mei fûgels en fee;  
wat in wikseljend lânskip yn winter en simmer,  
al dy stjerren, de skomjende see.

2. Wat is 't libben op ierde in boarne fan goedens,  
oerfloedich yn deistige dingen te sjen,  
yn it lûd fan 'e stêd en yn 't swijen sa hoeden,  
yn 'e berte fan elk minskebern.

3. Wat is 't libben op ierde in boarne dy't hielet,  
yn laitsjen en sjongen komt dat oan it ljocht;  
hy ûntspringt oan 'e soarch dêr't de earmen yn diele  
en jout moed oan wa't fjochtsje foar rjocht.

4. Jou dan tank oan de Skepper foar 't libben op ierde,  
wês bliid mei syn jefte: de opstiene Soan.  
Gean yn frede dyn wei, want syn Geast sil dy liede  
en syn leafde dy hoedzje aloan.

### **PREEK**

### **YMPROVISAASJE**

### **SJONGE LIET 231 (Lieteboek foar de Tsjerken): 1, 3 en 4**

1. Wy jouwe, Hear, ús nei jo troan  
mei al jo folk ienriedich.  
Wy roppe Jo yn sängen oan  
en bûge ús earbiedich.  
Dy't is, dy't wie, dy't komme sil,  
ta Gods Getuge roppen,  
syn hearlikheid en hege wil  
giet neat en neat te boppen.

3. Jo bin ferriisd yn hearlikheid  
ta heil fan alle folken.  
Jo wachtsje wy yn majesteit  
ferskinend op 'e wolken.  
Hy komt, elk sil Him sjen, de Hear,  
ek dy't syn lea trochpriemme!  
Geslachten streame\_yn jubel gear  
of beevje foar syn stimme!

4. Al falt de nacht ús lang of koart,  
de eintiid is op hannen.  
De dei dy't ienkear komme moat  
wurdt sichtber oer de lannen.  
Hy komt, Hy komt, halleluja!  
Sjong, dy't syn stim fernamen!  
Sjong, ierde\_en himel, gloarje ta  
oan Jezus Kristus, amen!

## **BIDDEN EN TANKSIZZE**

### **SJONGE LIET 369B (Nije Lieteboek)**

Us Heit yn 'e himel,  
lit jo namme hillige wurde,  
lit jo keninkryk komme,  
lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel  
Jou ús hjoed ús deistich brea  
en ferjou ús ús skulden,  
sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;  
en lit ús net yn fersiking komme,  
mar ferlos ús fan 'e kweade.  
Want jowes is it keninkryk en de krêft  
en de hearlikheid oant yn ivichheid. Amen.

## **SEINE**

### **SJONGE LIET 150A (Nije Lieteboek): 1, 2 en 3**

1. O priizgje de Hear om 't wurd dat Hy brocht.  
Sjong bliid ta syn ear, jim ingels fan 't ljocht.  
Foar dy't alles makke, sjong, himels in liet,  
bring tank oan de lene, dy't noed foar ús stiet.

2. O priizgje de Hear! Oanbid Him, o wrâld,  
dy't lykas in heit fan minskebern hâldt,  
o loovje jim Heare mei jûchjende stim,  
wês bliid mei Syn leafde en libje foar Him.

3. O priizgje de Hear! Lit klinke rûnom  
in liet ta syn ear: Hy sjocht nei ús om.  
Lit jubelje\_ it oargel, lit harp en trompet  
de gloarje fertolkje fan Him dy't ús rêdt.